

Tryater is it meartalige teäterselskip fan Fryslân en makket diel út fan de lanlike kulturele basisynfrastruktuer. We spylje goed 270 grut- en lytsskalige meartalige (y.a.g. Frysk-Nederlânske) foarstellingen yn it jier, foar sa'n 25.000 besikers: bern, jongeren en folwoeksenen út allerhanne befolkingsgroepen. Mei Ljouwert as útfalsbasis sjochst ús yn hiel Fryslân en ek dêrbûten. Yn teäters en doarpen, yn skoallen en op lokaasje. We bringe nije ferhalen, ticht op de hûd fan ús publyk. Mei alle ûnderfining dy't we opdien hawwe sûnt ús oprjochting yn 1965 en mei alle ynspiraasje en enerzjy fan it jonge talint dêr't we mei wurkje.

It team Publyk (marketing & kommunikaasje) siket in tydlike kampanjelieder foar de jeugd- en jongereproduksjes (meastentiids skoalfoarstellingen) fan Tryater, as ferfanging fan de hjoeddeistige meiwurker. Dizze kampanjelieder wurket foar en mei it team Edukaasje & Ynteraksje en is ek meiferantwurdlik foar kommunikaasje oer oare projekten yn dit ferbân.

### TAKEN EN FERANTWURDLIKHEDEN

Do hâldst dy ûnder mear dwaande mei:

- It ûntwikkeljen fan goed trochtochte en kreative, crossmediale kampanjes foar de foarstellingen dy't Tryater foar jeugd en jongeren (fan beuker oant studint) bringt.
- It by de parse ûnder de oandacht bringen fan ús foarstellingen foar jeugd en jongeren.

- It ûnder de oandacht bringen fan projekten dy't de ôfdieling mei skoallen docht.
- It ûnder de oandacht bringen fan edukative projekten op ús webside of yn de media.
- It skriuwen en redigearjen fan teksten foar de ferkeapbrosjure en de webside.
- It foarmjaan fan de kommunikaasje nei it ûnderwiisfjild, û.o. troch nijsbrieven.
- It yn de gaten hâlden fan de kwaliteit en de toan fan alles dat nei bûten giet oer jeugd en jongeren.
- It opstellen en behearen fan budzjetten en planningen en it brieven fan yn- en eksterne kreativen (foarmjouwers, fotografen, filmers, contentmakers).

### DYN PROFYL

- Do beskikst oer relevante wurkûnderfining, by foarkar yn de kulturele sektor.
- Do hast affiniteit mei teäter en it kulturele fjild.
- Do skriuwst flot en sûnder flaters, yn alle gefallen yn it Nederlânsk. Do stiest iepen om it Frysk ferstean en skriuwen te learen, of kinst dat al.
- Do bist kreatyf, oertsjûgjend, iepen en krekt. Do kombinearrest in strategyske blik mei in hands-on mentaliteit.
- Do kinst omgean mei hektyk en bist ree om bûten kantoartiden te wurkjen (foar bygelyks photoshoots)



/fideoregistraasjes en foar ynset by foarstellingen).strategische blik met een hands-on mentaliteit.

- Je kunt omgaan met hectiek en bent bereid om buiten kantoortijden te werken (voor bijvoorbeeld photoshoots / videoregistraties en voor inzet rondom voorstellingen).

Foldochst net oan alle easken, mar tinkst dat we dy wol hawwe moatte? Dan nûgje we dy ek fan herte út om te reagearjen. Goed om te witten: mei ús foarstellingen sprekke we in brede doelgroep oan. Dêrom sjogge we diversiteit graach werom yn ús personielsbestân, likegoed yn artistike teams as op kantoar. We moedigje dan ek elkenien oan om te sollisitearjen op dizze funksje, makket net út út wêr'tst wei komst, watst wol of net leaust, hoe'tst dy identifisearrest of fan wa'tst hâldst. Wurkje yn ferskaat gearstalde teams makket ús effektiver, ynnovativer en it wurk aardiger.

## WAT BIEDT TRYATER?

Tryater is in dynamyske organisaasje mei noflike kollega's en in ynformele wurksfear. Do silst wurkje yn ús eigen teätergebou yn de binnenstêd fan Ljouwert. De funksje is foar trije dagen yn de wike, yn earste ynstânsje fan 5 jannewaris oant 1 april mei kâns op ferlinging. Salaris en arbeidsbetingsten binne konfoarm de CAO Toneel en Dans.

Bist entûsjast wurden? Stjoer dan uterlik 24 desimber dyn cv mei koarte motivaasje nei Johannes Keekstra, haad Publyk, op [j.keekstra@tryater.nl](mailto:j.keekstra@tryater.nl). Hast earst fragen? Stel se op 058 - 288 2335.

